

Nes, 18 jannewaris 2015

Bêste Tony,

Frjemd om in brief te skriuwen oan immen dy'st nei kind hast. Ik kaam yn it bestjoer fan it Feitsmafûns, nei't jo al ferstoarn wienen. "Foar jo yn it plak", waard sels sein op myn earste gearkomste. Dat gie my wat al te mâl. Mar ik hoopje wol dat ik myn ynbring jaan kin yn de geast fan Tony. "Yn'e geast fan Tony" is ien fan de kritearia dy't wy ús stelle by it beoardielen fan in stipe-oanfraach. Fansels hiel subjektyf en we brûke it ek allinnich mar om de trochslach te jaan at it mei de oare kritearia op it rantsje sit. Mar goed, as men dat sa dwaan wol, moat men wol witte wa't Tony wie.

Der wurde yn de gearkomsten noch wolris wat anekdoates oer jo ophelle. Dat skept wol in aardich byld. Eigensinnich, brede ynteresse, sparre boeken. Benammen tinkwizen lykas oer Abma's (ast alle Abma's oer in sau hellest, bliuwt der gjinien goeden oer) binne foar my hiel sprekend. Al kin iksels fierder gjin Abma's, dizze tinkwize is my wol bekend. Jo koene wol in Dykstra west hawwe..

Mar sokke anekdoates bliuwe fansels hiel beheind. Gelokkich is der ynternet en binne der boarnen, dêr't wat oer jo te finen is. As betûft femyljefoarser is ek genealogy in belangryke boarne om wat oer in minske in byld te foarmjen. Ik sjuch yn de anekdoates dy't se oer jo fertelle en jo foargeslacht wol bepaalde linen.

Ik waard wyld, doe't ik de taspraak fan Piet Jellema lies: "Tony werd geboren op 18 januari 1928 in Brantgum, als Anthonia Feitsma. Ze was de jongste in een gezin van drie kinderen en is vernoemd naar haar grootmoeder van vaderskant Anthonia Wiersema. Haar vader was Durk Feitsma en haar moeder Sytske Bierma..." It grutte Feitsmaboek ha ik spiternoch noch net bemachtigje kint, mar dit wie foar my wol genôch útgongsmateriaal om jo femylje wat fierder út te djipjen.

Al hielendal frjemd fan de Feitsma's wie ik net. Relaasjes mei de Feitsma's lizze der ek wol. Us oerpake is as jongfeint begûn op de pleats fan Dirk Pieters Feitsma yn Nes. Oerpake wie in hynderman en moast wolris mei it glêzen weintsje mei Durk Piters op femyljebesite yn Kollum. Myn oeroerpake hat noch langer by Durk Piters arbeide en hie wat in haat-leafdeferhâlding mei de man. Doe't Feitsma letter yn de buorren wenne en in 'publike reed' ôfslute woe, moast oerpake der hinne om it rjocht te praten. It boek fan Oebele Vries oer Gerben Feitsma, boargemaster fan Kollumerlân ha ik fan foar oant efter útspeld. In oare tûke fan de Feitsma's, mar dochs. It wiene efterneven fan jo heit.

Durk Pieters wie in ferneamd man. Keningin Wilhelmina hat wolris by him op besite west. Mar it wie wol in hierboer. Hy hat nea op in eigen pleats buorke. Sa wie't ik mei de kant fan Durk Jabiks, fan wa't jo ôfstamme. Net eltse soan koe in pleats krije, fansels. Ik

kaam jim femylje foarby op it Nijlân by Ingwierum en Ie op pleatsen fan de Alberda's. Goed buorkje is ien ding, de pleats hâlde is wat oars.

Jo âlden hawwe buorke yn Ie en letter yn Brantgum, dêr't jo berne binne. Jo binne berne op in pleats fan de Hannema's. Dêr fan sizze se, dat at se fan Hantum nei Paesens woene, se net oer in oar syn lân hoegden te gean. Karakteristyk oan dy pleatsen is ek de bouwize. Faak in pleats mei in ryklik grut boargerhûs der foar. Dy pleatsen komme mear yn Grinslân foar as yn Fryslân foar, tink ik. Net eltsenien kaam samar op in pleats fan de Hannema's of Alberda's.

Lang ha jo âlden it lykwols op dy pleats net hâlden. De reden dêrfoar is net samar te efterheljen, dat ferget wol neier ûndersyk. Ik seach itselde barren mei de Mansholts: min of mear fan de pleats ôf set en dêrnei mar nei de leechte fan de Wieringermeerpolder. Dochs hat Sicco Mansholt de toan sette kind foar it Europeeske lânboubelied. Syn eftergrûn hat dêr wier wol yn meispile, dat leau ik wis.

De Feitsma's binne besibbe oan de Teenstra's (Teernstra's) en de Waard's. Dy Teenstra's buorke jierren tebek ek al yn nije polders. Teenstra's ha de Ruigewaard boppe Grijskerk (Gn.) makke ta wat it no is. Mei de femylje Bierma wie it ferhaal net folle oars. Luctor et emergo, folle oars kin ik der net fan meitsje. Jo komme út in femylje fan pioniers en polderminsk, faak mennisten. Jo âlden binne der in miskien it lêste goede foarbyld fan. Mar eins miskien ek wol wat jo tekene hat: as pionier kinne jo der net sa mar foar wei stappe, ek net as it dreech wurdt. Stride foar it bestean en in nije takomst. Wiene jo sels ek net in pionier op it mêd fan de Fryske taal?

Yn de jiddyjifte, makke by jo 50e jierdei, lies ik, dat jo ek in beheinde bydrage oan de genealogy dien hawwe. Dêrút makke ik op, dat wy yn de fierte wierskynlik fia Wybren Buma (17e ieuw) noch besibbe binne. Mar at ik jo tinkwize oer kertierstaten folgje, sille wy dat nea bewize kinne. It is deselde tinkwize dy't ús heit dêr oer hat. Ik stam ôf fan Wybren Buma yn de manlike line. Jo tinkwize, dêr hiene wy noch wol in moaie diskusje hawwe kinnen!

Ik bin miskien wat koart om de hoeke, mei wat ik hjir allegear in dit brief skreaun haw. Ik in der wol boeken oer folskriuwe. Mar ik moat it koart hâlde. Ik hie dit (en mear) sa graach ris mei jo trochprate wolle, mar dat kin fansels net mear. Ik hoopje lykwols, dat ik mei it kennen fan jo femyljeskiednis en wat benammen de oare bestjoersleden my ferteld hawwe, yn de geast fan Tony hannelje kin, yn elts gefal foar safier dit it Feitsmafûns oangiet.

Mei freonlike groetnis,

Arjen Dykstra